

10 jier Nijkleasterkuier yn Jorwert

Wat fijn, dat jimme der allegearre binne, safolle fertroude gesichten en nije minsken. Dit selskip is no krekt wat de wyklikse Nijkleasterkuier sa bysûnder makket: waar of gjin waar, yn alle seizoenen en alle tiden fan it tsjerklik jier komme hjir al 10 jier lang elke woansdeitemoarn minsken fan fier en hein nei de Redbadtsjerke yn Jorwert.

Doe't de pioniers Hinne Wagenaar en Sietske Visser fan Nijkleaster mei de kleasterkuier begûnen, wie dat yn Fryslân en yn Nederlân wat nijs. Sûnt dy tiid hat dit pioniersplak wol neifolging krigen fan kuiergroepen en pylgertochten.

Al dy pylgers en ek de kleasterkuierders fan hjoed binne gewoane minsken mei har fragen en ferlet, mei freugde en fertriet, mei har twifels en hope op in goed libben. Minsken dy't har frijwillich foegje nei it bewende ritueel fan de kears en it kleasterfjoer, de bibellêzing en kearsang, gebed en meditaasje - yn dit hûs fan stilte.

Al dy kuierders erfare krekt as ik sels, hoe't men it lichem yn beweging bringt en dêrmei ek de geast; mei lichte gong, stap foar stap, mei de kop yn de wyn - om de holle leech en lichter te meitsjen én de geast ljochter. Mei lichte ferwûndering sjogge wy nei de natoer om ús hinne, de loft en de greiden, de fûgels en de planten, de skyline fan Ljouwert en Jorwert, de trein en in trekker, en de nijmakke âlde pleats fan it Westerhûs – it nije spirituele sintrum dêr't men de tiid nimt foar jinsels en dêrmei tiid foar oaren én foar de Oare.

Gewoane-bysûndere minsken dy't har mei ynmoed oerjouwe oan de kuier yn trije parten, earst yn stille ferwûndering om jin hinne sjen, dêrnei besinning oer de fraach of spreuk fan de dei en op de weromreis de moeting mei in oare kuierder, in bekende "oude getrouwe" of in ûnbekende gast. In persoan dêr't men hielendal frijwillich en sûnder plan in persoanlik petear mei hawwe kin. Dat alles is frede en genede.

Oan alle kuierders dy't hjoed mei-kuierje en yn de kommende jierren de pylgerreis fan Nijkleaster meimeitsje sille, winskje ik dy genede ta.

Alex Riemersma,
voorzitter bestuur Nijkleaster

10 jaar Kleasterkuier in Jorwert

Wat fijn, dat jullie hier allemaal zijn, zoveel vertrouwde gezichten en nieuwe mensen. Dit gezelschap is precies wat de wekelijkse 'Nijkleasterkuier' zo bijzonder maakt: weer of geen weer, in alle seizoenen en alle tijden van het kerkelijk jaar komen hier al 10 jaar lang elke woensdagochtend mensen van dichtbij en verder weg naar de Redbadtsjerke in Jorwert.

Toen de pioniers Hinne Wagenaar en Sietske Visser van Nijkleaster met de 'kleasterkuier' begonnen, was dat in Fryslân en in Nederland wat nieuws. Sindsdien heeft deze pioniersplek wel navolging gekregen van wandelgroepen en pelgrimstochten.

Al deze pelgrims en ook de 'kleasterkuiers' van vandaag zijn gewone mensen met hun vragen en verlangens, met vreugde en verdriet, met twijfels en hun hoop op een goed leven. Mensen die zich vrijwillig voegen in het vertrouwde ritueel van de paaskaars en het 'kleasterfjoer', de bijbellezing en beurtzang, gebed en meditatie - in dit 'hûs fan stilte'.

Al deze wandelaars ervaren evenals ikzelf, hoe je het lichaam in beweging brengt en daarmee ook de geest; met lichte tred, stap voor stap, met de kop in de wind - om het hoofd leeg én de geest lichter te maken. Met lichte verwondering kijken wij naar de natuur om ons heen, de luchten en de weilanden, de vogels en de planten, de skyline fan Leeuwarden en Jorwert, de trein en een trekker, en de gerestaureerde oude boerderij van it Westerhûs – het nieuwe spirituele centrum waar mensen de tijd nemen voor zichzelf en daarmee tijd voor anderen én voor de Ander.

Gewone-bijzondere mensen die zich vol vertrouwen overgeven aan de wandeling in drieën, eerst in stille verwondering om je heen kijken, daarna de bezinning over de vraag of spreuk van de dag en op de terugreis de ontmoeting met een andere pelgrim, een bekende "oude getrouwe" of een onbekende nieuwe gast. Een persoon waar je zomaar helemaal vrijwillig en zonder bijbedoelingen een persoonlijk gesprek mee kunt hebben. Dat alles is vrede en genade.

Aan alle kuiers en pelgrims die vandaag meewandelen en in de komende jaren de pelgrimstocht van Nijkleaster mee zullen maken, wens ik deze genade toe.

Alex Riemersma,
voorzitter bestuur Nijkleaster